

*ferbining*


2021  
2022

# RYSK SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong  
50

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,  
8043 AZ Zwolle



oprjochte 8 febrewaris 1899





sinds 1860

anderhalve eeuw  
**Kappers**  
gastvrij tot uw dienst




Graach oant  
sjen!



Kerkstraat 7 info@kappers-horeca.nl tel. 0529 401281  
7722 LR Hoonhorst - Dalfsen www.kappers-horeca.nl kappershoreca

**Jou omtinken  
oan ús  
advertoarders**

**It Frysk Selskip Swol wurdt  
stipe troch: Café Restaurant  
Partycentrum "Het Boskamp",  
Sterrebosweg 2, 7722 KG Dalfsen  
www.hetboskamp.nl**



piano's - vleugels - orgels - kleininstrumenten  
stemmen - onderhoud - verhuur

**DE GRAAF MUZIEK BV**

hanekamp 2-8, zwolle, telefoon (038) 453 55 87

### BESTJOER

foarsitter Jan Bosgraaf Smitserf 42 7951 JG Staphorst  
0522 464718 janendjoke@home.nl  
2° foarsitter / Henk Monkel Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen  
2° ponghâlder 0529 433175 henmmonkel@kpnmail.nl  
skriuwer Jan-Tjerk Kuipers Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe  
0570 522329 jantjerkkuipers@gmail.com  
ponghâlder Sjoerd Bakker Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst  
0529 401683 sdabakker@outlook.com  
2° skriuwer Jolanda Lootens – Berg Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle  
038 4200066 jolandalootens@live.nl  
lid Annet Nieuwenhuis – Kokké Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle  
038 4537836 annetnieuw@planet.nl  
lid Tjitske Mulder – van der Heide Boterakker 522 8091 EE Wezep  
06 246 94 398 mulderdg@gmail.com

### Lede-administraasje

Jolanda Lootens, Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066

### IBAN rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

### KONTAKTPERSOANEN

Dalfsen frou F. Smits Vechtoever 11 0529 432436  
Elburg frou L. van der Graaf – Bosje Paardebloem 3 0525 681135  
Hatterm frou W. Steenbeek - Boschma Hendrikjesweg 46 038 4442894  
Kampen frou J. Wiegersma Nijverheidsstraat 11 038 3311670  
Wezep hear K. IJtsma Scheerderslaan 8 038 3769007  
Wijhe hear F. Kunst Stationsweg 28 0570 521931

### Zwolle

Aalanden frou C. Penning Potmarge 27 038 4541272  
Assendorp frou A. Groenland Ranonkelstraat 8 038 4220741  
Berkum hear J. Visser Eikenlaan 12 038 4548808  
Binnenstêd, Dieze en Veerallee fam L. Nieuwenhuis Schuttevaerkade 103 038 4537836  
Holtenbroek frou H. Osinga Reggelaan 55 038 4549429  
Stadshagen frou J. Lootens – Berg Brethouwerstraat 15 038 4200066  
Westenholte en Spoolde frou A. Wieling - Joukema Voorsterweg 42 – 301 038 4218525  
Wipstriik frou W. de Vries - Boersma Carry van Bruggenstraat 25 038 4543033  
Zwolle – Súd hear J.H. Zijlstra Dreessingel 88 038 4542562



**BUSBOEKJE 2022**

It tema fan it Fryske Bûsboekje foar takom jier is: **'Diel de romte.'** De redaksje keas dat tema mei in knypeach nei de oardel meter (koroana), mar ek mei it each op it Fryske plattelân dêr't wy sunich op wêze moatte. Yn it nije Bûsboekje stiet in breed ferskaat oan perspektiven op 'romte'. Sa is der sawol in bydrage oer it Frijlân, dêr't in lytse mienskip de romte dielt, as ien oer it hâlden fan in petear mei immen dêr't men it folslein net mei lykfine kin. Der wurdt ek nei it ferkear sjoen: guon plakken yn Fryslân binne 'shared space'. Dêr moatte auto's, fytters en kuierders de romte diele. Der binne boppedat gedichten opnommen dy't passe by it tema: fan Tjits Peanstra ('hûs fan stilte') en fan Obe Postma ('de stêd'). Dêrneist is der omtinken foar Arcadia, in grut program mei poadiumkeunsten fan 7 maaie oant 14 augustus 2022. Fierders stiet it Bûsboekje wer fol mei siswizen, in puzel en adressen fan Fryske organisaasjes.

It Bûsboekje wurdt al 47 jier makke troch in frijwilligersredaksje. Alle jierren wurde der rûnom yn Fryslân, sa'n 3000 stiks fan ferkocht. De priis is € 7,50. Mear ynformaasje: <http://busboekje.fr> [redaksje@busboekje.fr](mailto:redaksje@busboekje.fr)

**YNLAGE BETELJE**

***Yn de nijsbrievjen fan ôfrûne simmer hawwe wy frege om de ynlage foar it winterskoft 2021-2022 te beteljen. Fierwei it grutste part fan de leden hat al ta te bûse west en it jild oermakke. Tige tank minsken.***

***Der binne lykwols noch in stikmannich leden, dy't oant no ta de hân op 'e knip hâlde. Oan harren it freonlike fersyk om dy € 38.-- de man/frou sa gau as't kin oer te meitsjen. Dan witte wy, as bestjoer, wêr't we mei de finânsjes oan ta binne .***

***De ynlage foar 2021-2022 is € 38.-- de man/frou (per persoan).***

***IBAN rekkennûmer NL95 RABO 037.73.37.366 op namme fan it Frysk Selskip Swol? Graach der by sette: "Ynlage 2021-2022".***


***Yn't foar tige tank.***

**FERBINING**

De brêgen, brechjes en fiadukten op 'e efterkant foarmje in ferbining tusken de iene en de oare kant fan it wetter of de dyk. Yn sekere sin binne it metafoaren foar de ferbining tusken it iene en it oare minske. En dy ferbining sit al goed oardel jier yn 'e nederklits. We koenen net, lykas wy wend wiene, frijút gean en stean dêr't we wolle. We waarden ôfhâldend en skruten yn kontakten mei de meiminske. We hâlden letterlik ôfstân fan inoar. Yn it ferline stiene we der net by stil. As we op besite woene, nei in restaurant, tsjerke of teater, dan dienen we dat. Nei in jûn of in middei fan ús selskip wie foar ús ek de gewoanste saak fan 'e wrâld. Mar ynienen wie't oer en koenen we net mear byinoar komme. We mochten in wykmannich net iens mei mear as ien persoan op besite. Wat dat oangiet wiene it earmoedige en foar in soad minsken drege en foar guon ek tige fertrietlike tiden. Dêrom moatte we ek wer net al te dramatysk dwaan oer it feit, dat we al dy fersetsjes misse moasten.. Want der barre wier wol slimmere dingen yn 'e wrâld en yn ús libben. En lokkich ek moaie dingen dêr't je bliid om binne. Mar dochs wie it ûnwêzenlik en it fiede net goed. It wurke ferfrjemdzjend. Dêrtroch fielden we ek hoe wichtich kontakt en ferbining is. Lokkich is der no wer mear romte om ús, ek al is it noch wat hoeden, te ûntjaan. Want minsken binne sosjale wêzens dy't ferlet hawwe fan kontakt en ferbining mei de meiminske. In ferbining dy't dwers troch alle ferskillen hinne giet. As it no giet om maatskiplike, politike of tsjerklike ferskillen, om ferskillen fan komôf, berop, status of wat dan ek, minsken sykje nei ferbining. Yndividueel dogge we dat allegearre op ús eigen tiid en wize. Dêr siket en fynt elk syn en har eigen paad yn. Ek al sjogge we inoar no, as we inoar moetsje, wolris skiepeftich oan mei de fraach oft we inoar wol in hân, in krûpke of in tût jaan kinne. De spontanens fan foar de Koroanatiid is noch net werom.

Ek as Frysk Selskip Swol sette we prikken yn it wurk om de 'ferbrutsen' ferbining wer ta stân te bringen. Dat hawwe we goed oardel jier dien troch de krantsjes en de nijsbrievjen. Mar no is it de heechste tiid dat de ferbining ek wer fysyk ta stân komt. Litte we hoopje, dat wy inoar op freed 29 oktober 2021 wer moetsje.

*Jan Bosgraaf (foarsitter)*



***Jou my mar in boer as Frâns!***



FRYSK SELSKIP  
SWOL

## 50 JIER

FRYSK SELSKIP SWOL




Hjirnjonken stean de foarsiden fan de krantsjes, sa't wy dy fan 1972-1973 ôf kenne.

Yn 1975-1976 feroare de 'kop' in bytsje (boppeste tekst). De provinsjegrins mei de flagge, it skûtsje en de tsjerketoer bleau lykwols itselde.

Yn 'e oanrin nei it hûndert jierriich bestean fan it selskip, waard in priisfraach útskreaun om mei in idee foar in nije foarside te kommen. Ut de ynstjoerde ûntwerpen keazen de leden it ûntwerp dat fan 1998-1999 ôf oant no ta brûkt wurdt.

It 'krantsje', sa't wy ús Meidielingenblêd neame, belibbet dit winterskoft dus de **50ste jiergong**. As se nûmere wiene, dan soe it lêste krantsje fan 2021-2022 nûmer 250 wêze. Mei yn trochsneed sa'n 14 siden is dat sa'n 3.500 siden A5-formaat. Wat is der yn al dy jierren in soad ynformaasje oer de leden fan ús selskip útstruid. Mei it doel om de leden mei it riden en farren fan it selskip op 'e hichte te bringen en te hâlden. Mar foaral ek mei it doel om in bân tusken de leden ta stân te bringen en te befoarderjen. Om de ûnderlinge ferbining yn stân te hâlden.

As symboal fan ferbining stean op 'e achterside in tal brêgen, brechjes en fiadukten. Yn de krantsjes fan dit winterskoft sil oer dy ferskillende



'ferbiningen' it ien en oar skreaun wurde. En dan kin it hast net oars, as de krantsjes steane dit winterskoft ek yn it teken fan **'ferbining'** tusken minsken en tusken ús, as leden fan it Frysk Selskip Swol. Foar guon fan ús jildt dat al mear as 50 jier. (JB)

## It Frysk Boun om Utens

Op sneon 9 oktober waard yn it tsjerklik sintrum 'de Regenboog' te Hurwerwyk de jierlikse Algemiene Gearkomste (AG) en de Moetings- & Ynspiraasjemidde fan it Frysk Boun om Utens hâlden. Moarns waard de AG ôfwurke. It middeisprogramma bestie út in lêzing fan 'Waadkeninginne' Lutz Jacobi, direkteur fan de Waadferiening en de foarstelling 'Myn Skip' mei 'Skûtsjekening' Age Veldboom (ferteller) en de musisy Ella de Jong en Herman Woltman

De jubileumkommisje fan it Boun wurket oan de betinking fan it 100-jierrich bestean fan it Boun op sneon 16 septimber 2023.

Dat duorret noch 2 jier, mar de piketpeallen binne slein.

Mear ynformaasje oer it Frysk Boun om Utens en oer de by it Boun oansletten krite op 'e webside fan it Boun: [www.fryskbutenfryslan.nl](http://www.fryskbutenfryslan.nl)

### HYLPER BREGE



Dit type brêge is, de namme seit it al, yn Hylpen te finen, it smûke stedsje oan de Iselmar. It is yn mear as ien opsicht in bysûnder stedsje. Yn 1225 krige it stedsrjochten, it is ien fan de 11 Fryske stêden en in 'Hanzestêd'.

Hylpen hat syn eigen tradisjonele wize fan klaaien, syn eigen taal en syn ferneamde skilderkeunst. Yn it âlde

stêdhûs is it Hylper Museum festige en earne oars yn it stedsje stiet it Earste Frysk Reedridersmuseum. Yn de flakke súdwesthoeke fan Fryslân en op 'e Iselmar sjocht men fan fierrens de opfallende toer fan de grutte tsjerke fan Hylpen. Boppe de súdlike yngong fan 'e tsjerke stiet: 'DES HEEREN WOORDT MET AENDACHT HOORT, KOMT DAARTOE MET HOOPEN ALS HINDEN LOOPEN' En sawol oer it lân as oer it wetter, komt mannich toerist nei Hylpen. Ek al rinne dy net as hinden. Of miskien dochs wol; oer ien fan dy karakterstike brechjes.





## DE DEELEN

De Deelen is in grut kompleks fan leechfeanmoerassen yn it lege midden fan Fryslân, súdlik fan Aldeboarn en eastlik fan de rykswei A32 tusken It Hearrenfean en Akkrum. It is de eardere benedenloop fan de Boarn of Keningsdijp. Us foarâlden hawwe it gebiet fan 'e Midsiuwen ôf behoarlik fergroeven om turf te winnen en lânbouwgrûn te kreëarjen. It moaie of bysûndere dêrfan is, dat der noch altyd spoaren fan de earste minsklike beskaving fûn wurde. Opgraveningen litte sjen dat it yn 'e iere midsiuwen in drokte fan komsa yn De Deelen wie. Foar in grut part is it gebiet yn besit fan Steatsboskbehear. 514 ha is oanwiisd as 'Vogelrichtlijnggebiet', wêrtroch it diel útmakket fan it troch Europa beskermde natuernetwurk Natura 2000. Hjoed de dei nochal yn it nijs fanwege de stikstofproblematyk. Yn dit bysûndere stikje natuer yn Fryslân binne far- en kuierroutes útset. Yn de kuierroutes foarmet sa'n smel brechje in ferbining tusken de reit- en gêrslannen. In belangrike tagong ta it gebiet leit by Tsjalbert.



## FREARK SMINK & KLAASJE POSTMA

Beide Fryske akteerkanonnen hawwe eins gjin neiere oankundiging nedich. Se binne ommers by in grut publyk yn en bûten Fryslân bekend. Ek by de Fryske krite om utens. By ús hawwe se ek gauris op 'e planken stien. Yn de tiid doe't se beide by 'Tryater' spilen en Freark in tal jierren lyn ek yn de prachtige foarstellingen 'De Emigrant' en 'Feteranen'.



As Friezen inoar moetsje is ien fan de earste fragen: 'Wêr komst wei?' No, Klaasje waard berne yn Grou en Freark seach yn Sondel it libbensljocht.

Se hawwe jierren oanien spile by de Fryske Toaniel Stifting 'Tryater' yn ferneamde stikken fan ûnder oaren Ibsen, Shakespeare en Tsjechov. Guon fan ús heuge harren stikken as

'Richard III' en 'De feint fan twa masters' grif noch wol. It lêste stik waard sels twa jûnen efterinoar yn Odeon spile.

Ien fan de lêste stikken dy 't Klaasje by Tryater spile wie 'Rolling Home', in stik oer har mem. Dit hat se sels skreaun en mear as 150 kear spile, wêrfan ek in oantal foarstellingen yn Kanada. It ferfolch 'Ja-mei-my', spile se tegearre mei Freark. Klaasje spile ek yn films fan Pieter Verhoeff as 'De Dream', 'Nynke' en 'De Fjoertoer'.

Freark wie ek te sjen yn in grut tal televyzjeproduksjes. Bygelyks yn Baantjer, De Dream, Medisch Centrum West en Grijpstra & De Gier. Jierren oanien wie Sybe Satelliet it alter ego fan Freark yn de bernesearje 'Sybe Satelliet & Sjef' fan Omrop Fryslân.

Mei 'De Emigrant' gie Freark Smink, mei Theo Smedes, ek de oseaan oer om yn it Kanadeeske Ontario in tal foarstellings te spyljen. Op 4 maart 2016 spile Freark, mei Joop Wittermans, yn Odeon 'Feteranen' foar ús.

In djippe winsk fan Freark wie om noch ien kear sels in stik te skriuwen en nei trije jier ûndersyk, ynterviews en probearjen is it him mei '**Wat Soesto!**' slagge. It is in ynkringende foarstelling wurden.

(JB)



**NIJE BOEKEN FOAR SLITERSPRIIS**

Wy binne hast troch ús foarried nije boeken hinne. En sa't jimme witte, komme der gjin nije Fryske boeken by.

De lêste boeken geane fuort foar ...

*... de helte fan 'e helte!*

**Foar dizze útferekeap jildt: OP = OP!  
Wês der dêrom rap by.**



Neist de nije boeken is der in grut ferskaat oan **healsliten boeken**, foar ien of in pear euro it stik. De opbringst komt yn 'e kas fan ús selskip.

Us boekhannelers binne Jolanda Lootens foar de (lêste) nije boeken en Jan Tjerk Kuipers foar de healsliten boeken, dy't der soms noch as nij ústjogge.

**BIBELTAAL**

Yn de nijsbrief fan augustus (rispmoanne) stiene fjouwer sechjes oer rispsjen. Us lid Roukema wiisde der op, dat trije fan dy sechjes ek yn de Bibel foarkomme (sjoch de nijsbrief fan septimber). Dat leden sa meilibje docht ús, as bestjoer, tige goed.

Njonken dy trije sechjes komme der folle mear Bibelske siswizen en útdrukkingen yn ús taal foar. Sân jier lyn stelde Noline van der Sijs, heechlearaar histoaryske taalkunde oan de Radboud Universiteit Nijmegen, yn har oratie 'De voortzetting van de historische taalkunde met andere middelen', dat ûngefear de helte fan de Bibelske útdrukkingen, siswizen en wurden *letterlik* yn de Nederlânske taal telâne kommen is. En dus ek yn de Fryske taal. Sa is de beneaming fan ús Alvestêdetocht as 'de tocht der tochten' in taalkonstruksje dy't yn it Hebrieusk hiel gewoan is en men yn 'e Bibel dan ek gauris tsjin komt. Mar ek eigenskippen dy't oan Bibelske persoanen taheakke binne, komme by't soad yn ús taal foar. Nim bygelyks de tiidwurden jeremiearje en jonasse. En útdrukkingen as Adamskostúm, Abraham / Sara sjen, sa âld as Methusalem, Jabiksljedder, de Benjamin wêze, sa earm as Job, in ûnleauwige Thomas en in Salomonsoardiel. In Fariseeër of in Judas hawwe gjin fierdere kwalifikaasje nedich. Mar in Samaritaan wol wer, want dy is barmhertich. Wat dat oangiet, bliuwt it bytiden in Babyloanyske spraakbetizing.

(JB)

Fan âlds is de **Folkshegeskoalle op Skylge**, smûk ferskûle yn it Hoarnske Bosk, in sintrum fan moetsjen, besinnen en kultuer. Inkele fan ús leden komme dêr elk jier. Om te sjongen, te skriuwen, te kuijerjen of om putsjes te dwaan.

Yn 2021 is der wer in grut ferskaat oan alderhande kursussen: skilderjen, byldhouwe, mandela tekenje, dûnsje, sjonge, skriuwe, Fryske taal, besinning lykas yoga, meditaasje, mindfulness, Zen, natoertochten, ensfh..

Wa't mear witte wol oer alles wat der op 'e Folkshegeskoalle Schylgeralân te rêden is, kin terjochte op webside [www.folkshegeskoalle.frl](http://www.folkshegeskoalle.frl)



De **Feriening Freonen fan Omrop Fryslân** (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop, dy't stribbet nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en televyzje. FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellingen en aktiviteiten. FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd Each en Ear. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside [www.omropfryslan.nl/freonen](http://www.omropfryslan.nl/freonen) of wurdt 'facebookfreon'.

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180. Of stjoer in e-mail nei [freonen@omropfryslan.nl](mailto:freonen@omropfryslan.nl)  
Onmelde fia de webside kin ek.



Der sitte ûnder ús leden grif lêzers fan 'It Nijs', it digitale dei- of wykblêd mei wrâldnijs yn it Frysk. Mar ek mei nijs út de Benelúks en út Fryslân. Allerhande ûnderwerpen, kwestjes en tema's komme foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip, opiny (mei moaie kollums), sport, ferdiveadaasje en waar. It Nijs wurdt al troch mear as 6.000 minsken lêzen. Wa't der ek niget oan hat, kin him har opjaan fia de webside [www.itnijs.frl](http://www.itnijs.frl).





*It lot fan Tea (Fedde Schurer)*

*'k Wol it lot fan Tea besjonge;  
Stoerder fisker wie der net.  
Hy ferlear, in foege jonge,  
Oan 'e Sudersee syn hert.  
Sudersee, dyn skomjend wiid,  
't Is in sang út âlde tiid.*

Al jierren sjonge de leden fan dit mingd koar mei in soad nocht en wille Fryske lieten.

As de Koroanamaatregels it lalitte repetearret it koar freedtemoarns om 10 oere yn it Moetingsintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte). En út en troch fersoarget it koar in optreden. Bygelyks by it Frysk Selskip Swol mar ek bûten Zwolle. Ienris yn't jier hawwe de leden in gesellige midsimmermoeting en in útsje nei Fryslân. Tidens dat útsje sjongt it koar mei in soad foldwaning ek yn in âldereinhûs earne yn Fryslân.

Leden fan it koar hoege gjin lid fan it Frysk Selskip Swol te wêzen. Se hoege de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As se mar yn 't Frysk sjonge! Elts dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.

Elts dy't graach sjonge mei, kin lid wurde fan dit entûsjaste koar. Of kom earst ris nei in repetysje. Dat jout fierders gjin ferplichting. Wa't immen kin, dy't graach sjonge mei, bring him of har dan yn kontakt mei it koar.

In telefoantsje nei ien fan ûndersteande minsken kin it begjin wêze.

<b>Douwe Boersma</b>	<b>foarsitter / skriuwer</b>	<b>0523 – 656802</b>
<b>Jolanda Lootens</b>	<b>ponghâlder</b>	<b>038 – 420066</b>
<b>Jelma Wiegiersma</b>	<b>diriginte</b>	<b>038 – 3311670</b>

(JB)



## Krystmiel 2021

**Tongersdei 9 desimber 2021 om 18.00 (seis) oere**  
yn Café Restaurant 'De Mol', Heinoeseweg 32, Zwolle  
(→ ynrin fan 17.30 oere ôf)

It krystmiel is njonkelytsen in fêst ûnderdiel wurden fan ús winterprogramma. Op 9 desimber wurdt it de 12 kear. Lekker ite (4 gongen), gleske wyn of wat oars der by en moaie muzyk en sang om nei te harkjen of mei te sjongen. Leden dy't ien kear west hawwe, komme dan ek grif wer.

Freegje no net hoe't it kin, mar it kostet mar **€ 25.= de man/frou.**

Wa't hjiroan meidwaan wol, moat him/har **foar 28 novimber !!! opjaan.**

Dat kin mei in mailsje nei [frykselskipswol@gmail.com](mailto:frykselskipswol@gmail.com) of troch ûndersteand strypke yn te foljen en nei ús ponghâlder te stjoeren;  
**Sjoerd Bakker, Koelmansstraat 10, 7722 LX Hoonhorst.**

Binne jo allinne en wolle jo graach in famyljelid of freon(dinne) meinimme, dy't gjin lid fan ús selskip is, dan kin dat. Foar dyjinge jildt in priis fan **€ 40.=**.

**Foar 28 novimber opjaan !!!** en it jild oermeitsje op bankrekken  
NL95 RABO 037.73.37.366 fan it Frysk Selskip Swol.  
Set der foar alle wissichheid efkes by as it om 1 of 2 persoanen giet.



**Ja!** Ik kom / wy komme op tongersdei 9 desimber 2021 nei it **krystdiner** yn Restaurant 'De Mol' en meitsje it jild oer op de bankrekken fan it Frysk Selskip Swol IBAN rekkennûmer NL95 RABO 037.73.37.366

Namme(n): .....

Adres en wenplak: .....

Tillefoan: .....

Dieet op medysk advys? .....






### LESRUNTE

Acht leden fan ús selskip foarmje al jierren in 'lêsrûnte'. Yn dy jierren hawwe se ferskate boeken lêzen en dy dêrnei mei-inoar besprutsen. Dat lêste koe de ôfrûne oardel jier lykwols net. Ek by de lêsrûnte wie't, wat dat oangiet, in earmoedige tiid.

Mar tiden hawwe tiden en tiden feroarje. Nei de, al of net yntelliginte, lockdowns is der mear romte om ús te ûntjaan en hoege we

sûnt koart ek gjin oardel meter ôfstân fan inoar te hâlden Al diene in soad minsken dat dochs al net, mar dêr prate we net oer.

Dêrom is it doel, dat de leden fan de lêsrûnte yn oktober ek wer byinoar komme. Se hawwe tiid by't soad hân om it boek 'Styfmem Ierde' te lêzen en harren hjir in miening oer te foarmjen. It is in boek fan de yn Feanwâlden berne skriuwer Theun de Vries (1907-2005) en hjit yn it oarspronklike Nederlânsk 'Stiefmoeder Aarde'. It fertelt it ferhaal fan 'e Fryske boerefamylje Wiarda, dy't oan 'e ein fan 'e njoggentjinde iuw syn wei fine moat yn feroarjende tiden. 'Stiefmoeder Aarde' waard foar it earst útjûn yn 1936 en wie daliks in bestseller. De Fryske oersetting fan Jan de Jong ferskynde yn 1994.



Sa nimt de lêsrûnte de tried dus wer op. Nei't 'Styfmem Ierde' besprutsen is, sil der wer in oar Frysk boek lêzen wurde. Hokker dat is, is op dit stuit noch net bekend.

Wol is bekend, dat de lêsrûnte **ien fakatuere** hat. Dat betsjut, dat, as der ûnder ús leden immen is, dy't graach lêst en oan de lêsrûnte meidwaan wol, dat kenber meitsje kin. Stjoer dêrta in mailtsje nei ús lid Petra Aukema; [pe.aukema@hetnet.nl](mailto:pe.aukema@hetnet.nl). En tink der om! Der is mar plak foar IEN! Dus wa't earst yn 'e roef komt, hat kâns fan plak.

(JB)

(ferfolch fan side 10)

De plysje, dy't manmachtich oanwêzich wie, gie mei kneppels, motors mei sydsplan en wetterkanonnen de demonstranten te liif, dêr't ek keaplju en argeleas merkefolk net by mijd waarden. It rûn út op in folseine fjildslach, dy't de skiednis yngien is as 'Kneppelfreed'. It wie it begjin fan de emansipaasje fan it Frysk.



Hjirnjonken de tinkstien oan Kneppelfreed mei in gedicht fan Fedde Schurer.

*Lit dan krûpe dat net gean doar  
Lit dan bûge dat net stean doar –  
Dy't gjin krûpen learde giet,  
Dy't fan bûgjen frjemd bleau stiet,  
Heech it hert, heech de kop:  
Frysk bloed, ts'o h op!*

Santich jier letter stiet it yn 'e rjochtseal wer faai mei it Frysk. De fergoeding fan de tolken is sa skiterich, dat se it feroeffe om noch langer foar in pear luzige sinten dit wurk te dwaan. Op it stuit dat ik dit skriuw (ein septimber), is der noch gjin oplossing. Soe der earst wer in Kneppelfreed komme moatte om it Frysk yn 'e rjochtseal feilich te stellen? De tiid sil it leare.

Mooglik jout de foarstelling 'Kneppelfreed' in oanset ta de oplossing. Yn in regy fan Sjoeke-Marije Wallendal en ûnder artistike lieding fan Jos Thie spilet in topcast mei ûnder oaren Joke Tjalsma en Ali Zijlstra in tekst fan Bouke Oldenhof dizze foarstelling, yn de foarm fan in bysûndere rjochtsaak dy't de taskôger fiert troch de tiid by trije rjochtsaken oer de taal lâns. It giet dêryn net allinne om it Frysk, mar ek om diversiteit yn it algemien. It pleit fan mr. Abel Herzberg út 1951 is prikkeljend aktueel. 'Kneppelfreed' is in koproduksje fan De Harmonie en Pier21. De foarstelling is krekt as de histoaryske rjochtsaken sawol Frysk- as Nederlânstalich. Yn it itselde ymposante Paleis fan Justysje!

By fragen oer de kaartferkeap kinne jo terjochte by De Harmonie fia 058 233 0233 of [info@harmonie.nl](mailto:info@harmonie.nl)

(JB)

KNEPELFREED

Op 17 oktober 1951 moast de Fryske feedokter S. F. van der Brug him foar it katongerjocht op It Hearrenfean ferdigenje foar in ferkearsoertreding. Dat woe er yn it Frysk dwaan, mar dat waard him troch de kantonrjochter, mr. Wolthers, net tastien. Dy liet de feedokter oerenlang yn de hal fan it gerjochtsgebouw wachtsje op in tolk. Uteinlik ferklearre mr. Wolthers dat it ynskeakljen fan in tolk net mooglik bliek – dat wie allinnich tastien as it om frjemde talen gong – en dat Van der Brug dan mar Frysk prate moast. Mar, sei er der by, 'officieel versta ik u niet.'

Trije jier earder hie deselde rjochter al ris twa molketapers út Aldeboarn feroardield, sûnder harren straf op te lizzen, omdat se op harren bussen 'molke' en 'sûpe' skreaun hiene. Doe hie er ek al besocht it brûken fan Frysk yn de rjochtseal te ferbieden en hie er ferklearre, dat er de fertochten net ferstie. Dermei folge er in yn de jierren tritich útsette beliedsline fan mr. Stheeman, wêrby it brûken fan it Frysk yn uterste gefallen tastien waard oan fertochten dy't it Nederlânsk min behearsken.



Twa dagen nei't Van der Brug him feranturdzje moatten hie, skreau Fedde Schurer, haadredakteur fan de Heerenveense Koerier ûnder de titel 'De laatste man van de Zwarte Hoop' een redaksjoneel kommentaar. Dêryn betichtte hy mr. Wolthers fan 'berneftich, beledigjend en treiterjend optreden'. Neist Schurer hekelde it lid fan Provinsjale Steaten Tjebbe de Jong de gong fan saken yn in kollum yn it Bolswarder

Nieuwsblad. Fanwegen harren kommentaren moasten de beide manlju harren foar it gerjocht feranturdzje foar belediging fan de magistratuer. Dat barde op 16 novimber 1951 yn it Paleis fan Justysje yn Ljouwert. Dêr waard, om sa mar te sizzen, de striid útfochten om de posysje fan de Fryske taal yn it iepenbier bestjoer.

Op it Saailân, der't krekt de wykmerk hâlden waard, demonstrearren kloften lilke Friezen fûl tsjin it feit, dat se de sitting net bywenje koene, omdat dy yn de lytse seal yn stee fan de grutte seal hâlden waard. Neffens de rjochtbank wie de kar foar lytse seal makke om brânje te besparjen.

(ferfolch op side 11)

WAT SOESTO!

As jonkje wie Freark Smink der grutsk op dat er in boeresoan wie, mar dat gefoel is er kwytrekke. 'Dat sit my dwers' seit de akteur. 'Ik tocht: dêr moat ik oer skriuwe. Ik woe witte wat de boeren besielet, hoe't se buorkje. Se kinne soms linerjocht tsjinoer elkoar stean, mar dochs is der altyd in soarte fan tolerânsje.' Foar it stik hat Smink broers en omkesizzers ynterviewd. 'Alle kleuren fan it boer wêzen komme yn de famylje foar: fan it natuerlik oant it yntinsyf buorkjen.'

**Wat Soesto!**, is in ynkringend portret, skreaun oer in hjoeddeiske boer yn in bysûndere famylje, basearre op eigen ûnderfingen út it ferline. 'Ik bin in boeresoan. Myn pake wie boer, myn heit wie boer en ik bin it. Dêr bin ik grutsk op. Niks mear, niks minder. Ik ha wolris lêzen dat je as bern je eigen âlders útsykje. As dat sa is, dan ha ik raar yn 'e war west. Myn mem is okee. Dy besiket altyd te skipperjen en hat in hekel oan rúzje. Mei myn heit is dat oars,' seit Frâns yn 'Wat Soesto!'.



Frâns, is de haadpersoan yn 'Wat Soesto!' Hy kin him noch goed yn 't sin bringe hoe't er as jonge langút yn it gêrs lei en nei de fûgels harke. Wat wie er grutsk dat hy in boeresoan wie. Under de strange hân fan syn heit learde Frâns om sels boer te wurden. Dat wie net altyd like maklik, hoe't syn mem ek har bêst die om him te beskermjen. Letter krige Frâns as selsstannich boer

te meitsjen mei easken fanút de oerheid en druk fanút de maatskippij. De iene maatregel nei de oare, diskusje, je soene je hast skamje dat je feehâlder binne. Wylst syn dementearjende mem op 'e eftergrûn ûnfersteurber har eigen libben libbet, makket Frâns de balâns op. Goed besjoen hat hy gjin perspektyf, mar ophâlde is allikemin in opsje. Wat soe er dwaan moatte mei syn tiid? Wêrom seit de maatskippij net dúdliker wat se fan boeren ferwachtsje, sadat hy der einlik wer grutsk op wêze kin, dat er boer is?

Under de regie van Jos Thie spilet Freark Smink de boer en Klaasje Postma syn mem. Yn it Friesch Dagblad en de Leeuwarder Courant krige de foarstelling pûrbêste resinsjes. **It is dan ek in foarstelling om net te missen!** (JB)



# Freed 29 oktober 2021 de jûns om 20.00 (acht) oere yn 'De Weijenbelt' te Swol

Campherbeeklaan 82, Zwolle (Berkum)

50 FOARSTELLINGEN YN FRYSLAN EN IEN – BY US !! – BUTEN DE PROVINSJE



**Tekst;**

**Freak Smink**

mei help fan Geert Mak, Jos Thie,  
Ben van der Knaap, Bouke Oldenhof,  
David Lelieveld en Klaasje Postma as  
bemoedigjende redakjse, sa't Freak seit.

**Spilers:**

**Frâns**  
**Syn mem**  
**Stim dochter Froukje**

**Freak Smink**  
**Klaasje Postma**  
**Nynke Heeg**

**Regy**

**Jos Thie**

**Kreatyf produsint**

**David Lelieveld (Pier21)**

*Tagong ta 'De Weijenbelt' mei de CoronaChek-app op de mobile telefoan.*

*Wa't dy net hat, kin in papieren bewiis oanfreegje fia [website CoronaCheck](#) Dêr hawwe jo wol DigiD foar nedich.*

*Hawwe jo gjin snoadfoan of tagong ta ynternet? Skilje dan mei de helpdesk fan de CoronaChek 0800-1421 of mei de helpdesk fan it ministearje fan VWS: 0800-1351.*

**De boeketafel is der dizze jûn ek en ... in ferlotting mei moaie prizen!**